

Genealogysk Wurkferbân

Utnûging foar de gearkomste op
sneon 5 april. 2025 om 13.30 oere

Tresoar, Bûterhoeke 1 Ljouwert.

Wurklist:

1. Iepenjen en meidielingen
troch: foarsitter Gosse van der Plaats
2. Ferslaggen gearkomsten 1 febr. en 8 mrt.
3. *Verbeelding verZINT* troch Reijer J. de Vries
NB de lêzing is yn it Hollânsk
4. Healwei de lêzing: Skoft
5. Sluten (om 15.30).

Belangstellenden binne fan herte wolkom op dizze gearkomste! Tagong fergees.

Dr. Jabik van der Bij (skriuwer.)


Verbeelding verZINT troch Reijer J. de Vries

It boek *Verhalen die hout snijden* (2023) presintearret in genealogysk ûndersyk nei de 'Stamboom van een 'Lemster' familie De Vries' yn de foarm fan ferhalen. De titel fan it boek ferwiist sawol nei de ambachtlike beroppen fan de foarâlden as nei de ferhalende oanpak fan de genealogy. De stambeam is foar safier bekend bewoartele om 1580 hinne yn Opsterlân, benammen yn Beetstersweach, en is fan oarsprong meniste. Om 1760 hinne ferfart Jacob Rinderts, pakesizzer fan ds. Ulbe van Sinderen, nei De Lemmer. Fan ein 19e iuw ôf ferspriede de neikommelingen harren oer Nederlân.

De lêzing, mei as titel 'Verbeelding verZINT', stelt de fraach nei de foar - en neidielen fan "faction" (fiksje op grûn fan feiten) as foarm foar de presintaasje fan genealogysk ûndersyk. Dêrby wurdt omtinken frege foar it belang fan tsjerklike boarnen yn de genealogy.

It boek is te lêzen / te lien by Tresoar of op
[linkedin.com/in/reijerjandevries/](https://www.linkedin.com/in/reijerjandevries/)

Dr. Reijer J. de Vries (1954, Driebergen) wie fan 1980 oant 2006 predikant yn meardere gemeenten, û.o. yn Harns (1984 -1991). Fan 2009 -2020 wie er universitêr dosint praktyske teology oan de Protestantse Theologische Universiteit (PThU). Syn publikaasjes betreffen foaral de praktyske teology en it justysjepastoraat. Nei syn pensjoen hat er fan syn genealogyske hobby in deibesteging makke.*





Genealogysk Wurkferbân

Uitnodiging voor de bijeenkomst
op **zaterdag 5 april.** om 13.30
uur.

Tresoar, Boterhoek 1 Leeuwarden

Agenda:

1. Opening en Medelingen
door: foarsitter Gosse van der Plaats
2. Verslagen van 1 febr. en 8 mrt.
3. **Verbeelding verZINT** door Reijer J. de Vries
NB de lezing is in het Nederlands
4. Halverwege de lezing: pauze
5. Sluiten (om 15.30) .

Belangstellenden zijn van harte welkom! Toegang gratis.

Dr. Jabik van der Bij (skriuwer.)

Verbeelding verZINT

door Reijer J. de Vries

Het boek *Verhalen die hout snijden* (2023) presenteert een genealogisch onderzoek naar de 'Stamboom van een "Lemster" familie De Vries' in de vorm van verhalen. De titel van het boek verwijst zowel naar de ambachtelijke beroepen van de voorouders als naar die narratieve benadering van de genealogie. De stamboom wortelt voor zover bekend rond 1580 in Opsterland, vooral in Beetsterzwaag, en is van oorsprong doopsgezind. Rond 1760 vertrekt Jacob Rinderts, kleinzoon van ds. Ulbe van Sinderen, naar Lemmer. Vanaf eind 19e eeuw verspreiden de nakomelingen zich over Nederland.

De lezing, met als titel 'Verbeelding verZINT', stelt de vraag naar de voor- en nadelen van fiction als vorm voor de presentatie van genealogisch onderzoek. Daarbij wordt aandacht gevraagd voor het belang van kerkelijke bronnen in de genealogie.

Het boek is te lezen/te leen bij Tresoar of op
[linkedin.com/in/reijerjandevries/](https://www.linkedin.com/in/reijerjandevries/)

*Dr. Reijer J. de Vries (*1954, Driebergen) was van 1980 tot 2006 predikant in meerdere gemeenten, o.a. in Harlingen (1984-1991). Van 2009-2020 was hij universitair docent praktische theologie aan de Protestantse Theologische Universiteit (PThU). Zijn publicaties betreffen vooral de praktische theologie en het justitiepastoraat. Na zijn pensioen heeft hij van zijn genealogische hobby een dagbesteding gemaakt.*

